

E-mail DFS: swalinga.baard@hetnet.nl
Yinternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra
st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-W., F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Jipperdastrjitte 13,
9074 GB Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle,
kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

OER ALLES FERSKYNT FJOUWER KEAR YN 'T JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

36 ste jiergong

nûmer 3

April 2015

Einredaksje: Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR ALDEGEA SWF
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: aliecnossen84@hotmail.com

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XD DE JUTRYP
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert
Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder
fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer.

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea-SWF
swalinga.baard@hetnet.nl 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.nl 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.
p.sikma@hetnet.nl 0515-569561
- Kommisjes Ferskate kommisjes

DAMBÛN FRYSK SPUL

Foar jimme leit alwer de lêste Oer Alles. Nei in jier, wer op ferskate plakken it Fryske Spul spile is, kinne we sizze dat it ôfrûne jier noch net sa gek wie. Noch farsk yn it geheugen leit fansels it toernoai yn Frjentsjer, wêr't Marten en Liuwe, mei ferskate frijwilligers alles út 'e kast helle ha om it Frysk damjen wrâldkundich te meitsjen. En neffens my is dat tige slagge. De parse hat tige omtinken jûn oan it Fryske damspul. De komplimenten oan 'e organisaasje! Ek sa yn it lêst fan it damseizoen is de dam-app Frysk Spul presintearre. Deputearre Tineke Schokker hat it "earste" eksimplaar yn ûntfangst nommen, troch it op har eigen i-pad te downloaden. Sa waard der dat wykein al 500 kear de dam-app downloaden yn 'e appstore!

Bestjoerlik stiet der ek nochal wat oan te kommen. Piet Sikma hat oan jûn dat it syn lêste jier wie as ponghâlder, spitich fansels, mar begryplik dat der nei alwer tolve jier romte meitsje wol foar in oar. Piet hie, en noch, syn saakjes tige foarmekoar, it dam- ark, mar ek de administraasje wie tip top yn 'e oarder! Alfêst tige tank Piet foar al dyn ynspannings! Bestjoerlik is der dit jier nochal wat feroare, it bûnsbestjoer bestiet net mear út fiif, mar út trije leden, nammentlik: foarsitter, ponghâlder, en skriuwer. Dit is sa besluten om't der mar min oan nije bestjoersleden te kommen is. It doel is om takom damjier mei mear kommisjes te wurkjen. Op't stuit ha we al in oantal kommisjes, en minsken ree fûn om wat foar it Frysk damjen te betsjutten. It is op it lêst ek sa, we ha der ek allegear wille fan!

Dan wurdt der troch ferskate sportbûnen fan Fryslân wurke oan in Masterplan Fryske Sporten. Yn it koart MFS. It doel hjirfan is dat de skoalbern fan de legere skoalen yn alle gefallen de Fryske Sporten spile ha at se fan skoalle ôfgaan. Dat is in tige ambisjeus plan, dêr't wy as dambûn efter stean. It komt der yn koart op del: de Fryske sporten binne dan reedriden, hynstesport, fierljeppen, skûtsjesile (gewoan sile). Mar ek Thialf, iishal Ljouwert, it CIOS, it ûnderwiis (CPBO Frysl) Afûk, Sport Fryslân en fansels de Provinsje Fryslân dogge mei yn dit plan. We kinne mei dizze groep wol sizze dat it breed droegen wurd yn e Fryske mienskip. It doel is dat de Afûk foar alle sporten in koart lesprogramma makket foar alle Fryske sporten, ek wurd der in nije website makke wer alle sporten op komme te stean. Foar it dambûn is de dam-app fansels al in stap yn it foar, en prima te brûken foar de skoalbern! It doel is dat yn septimber it gehiel op primmen stiet, sadat it yn it nije skoaljier al te brûken is. Ik hâld jimme op 'e hichte fansels. Ta beslút winskje ik jimme in noflikke simmer ta, en hoopje jimme wer sûn te moetsjen yn it nije damjier (kin ek hearder fansels).

Siebe Walinga

Foarsitter Dambûn Frysk Spul

FRYSLÂN OPEN 2015

Ein maart wie it dan safier, it earste Fryslân Iepen. Yn de oanrin dêrhinne hawwe wy in bulte wurk ferset om it allegear mooglik te meitsjen. Sa moast no einliks it ratingsysteem opset wurde (dêr wurkje sawat alle tinksporten mei) om de spilers fan bûten de provinsje in yndruk te jaan fan de krêft fan de spilers. Mar ek is der in protte histoarysk ûndersyk dien om it plak fan it Frysk damjen yn 'e skiednis fan it damjen as gehiel in dúdlik plak te jaan.

It programma hie alle dagen ek in ferrassing: in lotting lykas mei de PC bart, in nij liet oer it damjen, in tige moaie útstalling fan âlde dambuorden en prizen en dêrby in prachtige lêzing fan Wim fan Mourik oer de ûntjouwing fan 'e spuldoaze nei it Fryske damboerd (mei molespul). Ek de lêzing fan Liuwe Westra wie bysûnder en sil de skiednis fan it Hollânske Spul yn in nij deiljocht pleatse.

De lokaasjes wiene ek bysûnder, grutte sylskippen en in âld stedhûs. Ek it tal stipers dat wy hawwe nimt elts jier ta: tige tank!


Mar wêr' it foaral om giet is it damjen. Trije toernoaien, earst it Fryslân Iepen, dan foar de beide sterkste fjouwer dammers it Grutmastertoernoai en dan ek nochris it Einspultoernoai FRYSK!


Op it Fryslân Iepen 2015 wiene der yn in soad partijen moaie slachwurkjes te sjen. Hjir folgje in pear dy't opfoelen!

Yn de earste omloop spile ynfaller Erwin Heslinga mei swart tsjin Rindert Walinga, Rindert wie al in hout foar kaam mar krige dochs noch in leske fan Erwin. Yn dizze stân spile Rindert Walinga 50-44?


Erwin Heslinga hie syn stikjes der al foar klearset en helle in daam troch 14-19 25x23, 21-26 36x18, 8x50.

It kin misse en lokkich foar Rindert koe de daam fuortendaliks wer ûnskaadlik makke wurde mei 30-25 50x20 25x14 15x13. De partij waard kamp. Letter yn de fjirde omloop rûn it slimmer mei Rindert ôf: Jelle Wiersma pakte de punten doe mei de Tytsmaset.






Yn de earste omloop krige de Limburger Martijn van Gortel lyk al in tsjinstanner fan formaat, Teake Kooistra. Yn in klassyk langoekspul krige Martijn in net maklik spul op it boerd. Yn de bygeande stân besleat om ôf te ruiljen mei 32-27 17x37 41x32 te nimmen. Teake makke it doe mei in kreas slachwurk út: 20-25 35x15; 9-14 15x22; 12-18 22x13; 3x21 26x17; 11x44 45x43.



De jûns foardat it damfeest oangie wie der in serieuze lotting. Yn de earste omloop waarden de Friezen lotte tsjin de net-Friezen. Tsjerk Wijbenga trof âld Belgysk kampioen Patrick Casaril en dêr hied er de hannen fol oan. Noch wat ûnwennich tsjin sokke dammers miste Tsjerk hjir in foardiel, Patrick hie krekt 3-9 spile, no koe der winst helle wurde troch 38-32 8-12 (liket dan ferplichte) 50-44 want dan kin 14-19 net omdat dan 32-27 22x31; 30-24 19x30; 15-10 4x15; 47-41 36x40; 45x5 folget. De skiif op 31 kin dan ûnder druk setten wurde en it protsje yn de midden rommet ek op... Mar Tsjerk spilet 38-33 en dêrnei komt 14-19; 30-25 9-14?? En op

'en nij kin Tsjerk it út meitsje mei 33-29 39x19; 42-38 39x37; 47x7 6x8; 15x2! Tsjerk ruilet ôf mei 33-28 22x33; 42x37 36x38 en krijt it yn it einspul noch dreech om te winnen...




In oar lid fan Hartwert, Piet Sikma, krige ek in Bels foar de kiezen, Renaud Braye, eins in go-spiler. Dat dy Belzen ek wol in potsje skowe kinne die wol bliken. Renaud spile hjir 41-36 en no liket dat net sa'n beste set. Want Piet spile 18-22 en liket dêrmei in pear skiven te winnen. Der folge 36x16 22x31 en de Braye lost it keurich op mei 34-29 6x26; 29-23 19x28; 33x22 12x32; 38x16.

It lettere einspul waard troch Renaud Braye keurich útspile nei winst! En ek in pear ferrasse troch wrâldkampioen Alexander

Georgiev: mei in slachje waard it spul wûn troch de Rus. De Friezen wiene warskôge!

Ien fan de moaiste kombinaasje fan it toernoai waard úthelle tsjin Teake Kooistra! Tjalling Goedemoed wie op dreef, hy breide der in moaie kombinaasje yn tsjin de kampioen. Teake hie as lêste set 38-32 spile. Tjalling makke it no út: 6-11 28x6 17-22 6x28 18x29 34x23 19x46.



Alle partijen dy't spile binne, wiene live te folgjen, dat koe op twa manieren: fia de webside Toernooibase op www.kndb.nl en streekrocht op ús eigen webside www.frisiandraughts.com. Op toernooibase.kndb.nl, en dan klikke op Frysk Spul, binne de partijen allegear ek noch yn har hiele hear en fear nei te striken, en kin ek kommentaar levere wurde. Fia de earstneamde webside wiene de bêst besjoene partijen de earste omlopen fan it Grutmastertoernoai: Kees Tijssen – Teake Kooistra (360), Alexander Georgiev – Martijn van Gortel (354) Aleksej Domchev – Auke Zijlstra (333) en Jelle Wiersma – Hein de Vries (323). It oantal unike besikers dy't fia dizze webside it Fryslân lepen 2015 besochten skommele alle dagen dei tusken de 290 en 370 minsken. Fia de webside www.frisiandraughts.com hawwe der mear as 1300 besikers west dy't de wedstriden live besocht hawwe en it programmaboekje is mear as 1400 kear downloaden.

Fierder binne der ek noch wat sifers bekind fan it oantal kearen dat de App Fries dammen downloaden is: oant it Fryslân lepen 2015 wie dat 2500 kear en tidens it Fryslân lepen 2015 is it ek nochris 500 kear downloaden! Dan wie der ek noch it Einspultoernoai, elts 5 skiven op de ûnderste line en skowe mar. It moaie hjirfan is dat der gjin teoretyske kennis fan de iepeningen foar nedich is en sa ek ris it fyn ynleine einspul oan bar komt. Dit spul wiene alle dammers tige mei ynnommen. It slagget noch net om dizze wedstriden live sjen te litten, mar dat is grif wat om oer nei te tinken. Nei acht omlopen wiene de twa dammers like heech einige, Rindert Walinga en Folkert Groenveld, Folkert hat de barraazje wûn. Hy moast troch syn wurk it grutte toernoai misse mar hat de sneons al genietsje kind yn it stedhûs fan de sfear en ek in fertsjinne earste plak. Al mei al sjogge wy op in tige slagge barren werom. Foar de measte dammers sit it seizoen der no op mar wy geane troch...Op priemmen stiet in bysûnder dambarren letter dit jier yn Ljouwert en de tariedings fan Fryslân lepen 2016 binne alwer úteinset.

Liuwe Westra en Marten Walinga

Stifting Wrâldkampioenskip Frysk Damjen
www.frisiandraughts.com

Ps. Wolle jo ús stypje? Nim dan kontakt mei ien fan ús beiden op.

ALDE DAMBUORDEN


Tidens it Fryslân Open te Frjentsjer hat Wim van Mourik in tige nijsgjirrige lêzing hâlden.

Fan de âldste dambuorden dy't yn ús lân bekind binne oant rûchwei 1900 naam hy deharkers troch de skiednis. Fan âlde spyldoazen, ek mei trik-trak, oant dambuorden mei op de efterkant it molenspul. Nei 1900 waarden dy net mear makke. Doe wie it damjen mear en mear in klupferbân en waarden it dam/skaakbuorden mei fineer. Yn It Joo hingje yn de damseal fan 'Nocht&Kriich' ek in pear buorden.



De âldste is misskyn wol it boerd rjochts fan 1858, mei de inisjalen KGB. (Bakker?)

Nijsgjirrich is it boerd dat makke is troch myn oerpake as dy syn heit. Benammen omdat de houtsjes der noch by binne. Misskyn sitte se noch wol yn it âlde pûdsje.



De swarte houtsjes binne achthoekich, wol apart. En de oare kleur is net wyt, maar read. Van Mourik sil dat grif wolris faker sjoen ha. At jim âlde buorden ha, meitsje der in foto fan mei in koarte omskriuwing en stjoer it nei Wim van Mourik (wavanmourik@planet.nl).

Hy is wiis mei elk berjocht en syn argyf wurdt dan hieltiid mear folslein.

Folkert Groenveld

KAMPIOENSKIPPEN FRYSK DAMJEN JEUGD, PUPILLEN EN BEGJINNERS 2014-2015

Hjirûnder steane de útslaggen fan de wedstriden fan hjoed, ynklusyf de finale en de einútslaggen. Alle partijen waarden spile yn jeugdhonk Sie Sa te Blauhûs.

Yn de groep jeugd wiene yn totaal trije spilers. **Utslaggen foaromlopen:**

Rindert Walinga - Jeljer Westra	1-0
Jeljer Westra - Tsjerk Walinga	1-0
Tsjerk Walinga - Rindert Walinga	0-1

De finale waard spile tusken Rindert Walinga (wyt) en Jeljer Westra (swart). Utslach: 1-0. Kampioen: Rindert Walinga, twadde priis Jeljer Westra, tredde priis Tsjerk Walinga.

Yn de groep pupillen wiene fiif spilers. **Utslaggen foaromlopen:**

Ridzert Rypkema - Lennaert van der Kuur	0-1
Marrit de Jong - Liuwe Meint Postma (Klasina van der Gaast: frij)	0-1

Liuwe Meint Postma - Ridzert Rypkema	1-0
Lennaert van der Kuur - Klasina van der Gaast	0-1

Klasina van der Gaast - Liuwe Meint Postma	1-0
Ridzert Rypkema - Marrit de Jong	0-1

Marrit de Jong - Klasina van der Gaast	0-1
Liuwe Meint Postma - Lennaert van der Kuur	0-1

Lennaert van der Kuur - Marrit de Jong	0-1
Klasina van der Gaast - Ridzert Rypkema	1-0

Mei de punten fan de eardere foaromlopen wie de tuskenútslach:

Klasina van der Gaast	8 punten
Liuwe Meint Postma	8 punten
Marrit de Jong	6 punten
Ridzert Rypkema	4 punten
Lennaert van der Kuur	4 punten

Lennaert en Ridzert spilen noch in kear om in plak yn de lytse finale, en Ridzert wûn de partij.

Doe spilen Ridzert en en Marrit om it 3e en 4e plak: Ridzert wûn. Liuwe Meint en Klasina spilen om it 1e en 2e plak: Liuwe Meint wûn.

Utslach:

Kampioen: Liuwe Meint Postma, 2e priis: Klasina van der Gaast, 3e priis: Ridzert Rypkema, 4e priis: Marrit de Jong, 5e priis: Lennaert van der Kuur

By de begjanners moasten der noch 8 omlopen ferdamd wurde. Spitigernôch wie ien fan 'e dammers siik. **De útslaggen:**

Marten Algra - Jurgen Popma	0-1
Nynke Brouwer - Gonnie Schilstra	1-0
Johannes Heins - Marije Frankena	0-1
Harmen Jacob Postma - Hielke van der Gaast	1-0
Siward Walinga - Hidde Rypkema	0-1
(frije nûmers en net spile partijen net opnommen)	

Hielke van der Gaast - Siward Walinga	1-0
Marije Franekna - Harmen Jacob Postma	0-1
Gonnie Schilstra- Johannes Heins	1-0
Jurgen Popma - Jan Yeme de Wolff	0-1
Geartsje Algra - Marten Algra	0-1

Jan Yeme de Wolff - Geartsje Algra	1-0
Nynke Brouwer - Jurgen Popma	0-1
Harmen Jacob Postma - Gonnie Schilstra	1-0
Siward Walinga - Marije Frankena	0-1
Hidde Rypkema - Hielke van der Gaast	0-1

Marije Frankena - Hidde Rypkema	1-0
Gonnie Schilstra - Siward Walinga	0-1
Jurgen Popma - Johannes Heins	1-0
Geartsje Algra - Nynke Brouwer	0-1
Marten Algra - Jan Yeme de Wolff	0-1

Nynke Brouwer - Marten Algra	1-0
Johannes Heins - Geartsje Algra	1-0
Harmen Jacob Postma - Jurgen Popma	0-1
Hidde Rypkema - Gonnie Schilstra	0-1
Hielke van der Gaast - Marije Frankena	0-1

Gonnie Schilstra - Hielke van der Gaast	0-1
Jurgen Popma - Siward Walinga	1-0
Geartsje Algra - Harmen Jacob Postma	0-1
Marten Algra - Johannes Heins	1-0
Jan Yeme de Wolff - Nynke Brouwer	0-1
Johannes Heins - Jan Yeme de Wolff	0-1
Harmen Jacob Postma - Marten Algra	1-0
Siward Walinga - Geartsje Algra	1-0
Hidde Rypkema - Jurgen Popma	0-1
Marije Frankena - Gonnie Schilstra	kamp
Jurgen Popma - Hielke van der Gaast	1-0
Geartsje Algra - Hidde Rypkema	0-1
Marten Algra - Siward Walinga	1-0
Jan Yeme de Wolff - Harmen Jacob Postma	1-0
Nynke Brouwer - Johannes Heins	1-0

Mei de punten fan de eardere foaromlopen (en ynklusyf punten foar frije wedstriden en wedstriden sûnder tsjinstanner) joech dat earst al de folgjende plakken:

12e plak:	Geartsje Algra	(2 punten)
11e plak:	Johannes Heins	(3 punten)
10e plak:	Hidde Rypkema	(5 punten)
dield 8e plak:	Hielke van der Gaast en Siward Walinga	(7 punten)
7e plak:	Gonnie Schilstra	(7½ punt)
6e plak:	Marten Algra	(8 punten)
5e plak:	Marije Frankena	(9½ punt)

De heechste fjouwer plakken wiene foar Jurgen Popma, Jan Yeme de Wolff, Nynke Brouwer (allegear 10 punten) en Harmen Jacob Postma (11 punten).

De finale waard sa spile:

Jurgen Popma - Nynke Brouwer	1-0
Jan Yeme de Wolff - Harmen Jacob Postma	1-0
Nynke Brouwer - Jan Yeme de Wolff	1-0
Harmen Jacob Postma - Jurgen Popma	0-1
Jurgen Popma - Jan Yeme de Wolff	0-1
Nynke Brouwer - Harmen Jacob Postma	1-0

Dêrmei wie it fjirde plak foar Harmen Jacob, en moasten Jurgen, Nynke en Jan Yeme noch in kear! Dat joech dizze útslach:

Jan Yeme de Wolff - Nynke Brouwer 0-1
Nynke Brouwer - Jurgen Popma 0-1
Jan Yeme de Wolff - Jurgen Popma 0-1

En dêrmei wie Jurgen Popma kampioen fan de pupillen! Benammen de lêste partijen waarden op in hiel heech nivo spile, en de spanning yn de seal wie om te snijen. Ek it twadde plak fan Nynke en it tredde plak fan Jan Yeme wiene mear as fertsjinne. Allegear fan herte lokwinske!

It wie in hiele toer om alles goed by te hâlden, mar mei de treflike help fan de omkes út Blauhûs slagge dat. En soms wie der noch eefkes tiid om in nijsgjirrich einspultsje op te skriuwen. Sa spilen Johannes Heins en Hielke van der Gaast in partij doe't se beide frij wiene, dy't hjirop útkaam:

swart (Hielke): 1, 6, 7 en 9
wyt (Johannes): 38, 40, 46 en 48

In klassyk einspultsje, mei elk fjouwer houtsjes. Hoe pakke jo soks oan?

Swart is oan set en spilet 9-13. Dat is net de bêste: yn prinsipe krijt wyt no de kâns om nei de lange hoeke ta te rinnen, en Johannes sjocht dat ek daliks!

40-34, 13-19

34-30. Hielke sjocht dat er te let is, en tinkt: dan sels ek mar in wolf: 19-23.

Wyt kin no prachtich it foarlke houtsjie fan swart derwei ruilje, en dêrnei kalm nei de daam ta kuijerje, mar hy wol der sa graach hinne, dat er swart ek fleane lit:

30-25, 23-29

25-20, 29-34.


No begjint it Johannes dochs te bekrûpen. Mar hy sjocht net dat er it houtsjie mei 38-33 noch keare kin, en spilet mar 48-43. Mar dat jout neat, en boppedat is er syn fangstelling no kwyt. Der folget:

34-40

43-39 (efter de feiten oan rinne, hjit dat), 40-45


20-14 (dan sels mar wer fierder nei daam), 45-50

14-10 - en it skip fergiet yn it sicht fan de haven: 50x5.



Wyt strykt noch moedich fierder, mar swart lit de wolf moai yn 'e hoeke stean en giet sels net oer de lange line, dat it duorret net lang, of wyt moat beide houtsjes offerje. De beide setten 9-13 (swart) en letter 48-43 (wyt) binne ferliezend, trochdat se de tsjinstanner romte jouwe. Ien fan de lestichste dingen om yn it Frysk damjen te learen!


Dan in fragmintsje út de finalepartij fan de pupillen. Liuwe Meint hie mei wyt in wolf op 6 en houtsjes op 36, 37, 46 en 43. Klasina hat twa houtsjes op 30 en 35, en stiet dus raar efter. Mar se besiket fansels noch al in wolf te heljen. Swart spilet 35-40.



Wyt sjocht no de ôfruיל net mei 43-39, en spilet de wolf nei 50. No rûkt Klasina in kâns: 40-45! Liuwe Meint slacht nei 10, en Klasina hellel in wolf op 50. Wyt spilet de wolf nei 5 (feilichheid foar alles, swart skoot de wolf nei 22, wyt spilet 43-38, en swart giet mei de wolf nei 6. No holden de omstanners de siken yn: wyt sil it dochs net yn it hier krije, om de wolf nei 41 slaan te litten, en dêrnei 37-32 te spyljen (en dan oer de kop sjen, dat der gjin twa mar trije houtsjes ôfgeane)??

Mar nee: Liuwe Meint spile wol 46-41 (6x41), en dêrnei bedaard 38-33 - Klasina har wolf stiet fêst, en as jo net sette kinne, hawwe jo ferlern. In einstân dy't jo net faak sjogge!


Ta beslút in lyts fragmint út de alderlêste partij fan de begjanners, Jan Yeme de Wolff tsjin Jurgen Popma. Jurgen hie hieltyd krekt wat better spul, neidat er in klassyk setsje yn 'e iepening dien hie, dêr't wy allegear wolris yn trape binne: 32-27, 20-25; 27-22, 17x28; 33x22; 18x27; 31x22, 12x32; 38x27, 14-20; en doe spile wyt 37-31, en swart 19-24




Oan 'e ein kaam dizze stân op it boerd: swart wolf op 48 en houtsjes op 1, 4, 6 en 16, wyt houtsjes op 8, 18, 26 en 36. (Oan 'e oare kant fan it boerd stie ek noch wat.) Wyt tinkt: dit is klear, elk in wolf! En hy spilet 8-3. Swart moat slaan ... mar mearslach giet wol foar! Dus 4x2 hie moatten, mar ynstee docht er 48x8. No mei wyt de wolf slaan, mar hy is der sa oeral fan, dat er syn eigen wolf nei de slach op 17 delset. Dus: 16x18, en de mannen kinne wer op 'en nij begjinne. Kommentaar fan de taskôgers: Sa giet it, as jo beide de wolf net hâlde wolle...

FRACHMINTEN NOCHT&KRIICH

Sjoerd Couperus siet mei wyt tsjin Folkert Attema en sy hienen der in moaie tiid stân op it boerd. It is oppassen foar beide spilers.



It ferrin wie **1.33-28 25-30 2.28-22**




2. ...20-25? Dat wie mis, want nei **3.39-34 30*17 4.21*5** helle Couperus gau de winst.

Mar Folkert hie úthelje kind troch 2. ...1-6! 3.21*1 20-25

Nei 4.1*11 6*50 en 4.1*12 7*50 it is út.

Dan mar 4.1*34 (as 44) 9-14! 5.44*18 8*50 6.35*24 50*14 en swart wint.

Op deselsde jûn damden Folkert Groenveld (wyt) en Henk Haanstra in partij mei in nijsgjirrich einspul. Nei in rêstige iepening en in middenspul dêr't it op de posysje oan kaam, stie it.



26.37-31 3-9 27.44-39 2-8 Dan kin swart it nei de ôfruil troch 35-30 wer opfange.


Mar wyt wachtet mei dy ôfruil. Earste de opbou yn swart syn dûbele hoeke keare.

28.31-27 7-11 29.47-41 8-12 46-41 hie no ek kinnen, mar dan komt der letter misskyn in slach yn troch daamjaan en dat dy dan nei fjild 11 slaan moat.

30.41-37 12-17 31.27*7 11*2 30.
 ...1-7 31.37-31 12-17 32.35-30
 17x37 33.31x42 25x34 34.39x30
 lykwicht **32.37-31 2-7 33.35-30**
25*34 34.39*30 7-11 35.31-27 1-7
36.43-38 9-14 11-17? Om de
 plakker 30-25 **37.27-21 11*31** 16x27
 liket better. **38.36*27 16*36**
39.46*26 7-12

Nei 39. ... 7-11 soe folgje kinne
 40.27-21 11*31 41.26*37 14-19
 42.38-33 6-11 43.30-25 15*35
 44.45*25 4-10 45.33-28 11-17
 46.37-31 10-14 47.31-26 19-24
 48.25*23 14-20 49.23-18 17*19
 50.28-22 19-24 51.22-18 24-29
 52.18-13 29-34 53.13-08 34-39
 54.08-03 39-44 55.03*25 44-50
 mei kamp

40.38-33 12-18 41.33-29 4-9 41.
 ...6-11? om 26-21! en 29-23!



Mei nei krapoan twa minuten tinktiid foar wyt en ien minút foar swart kaam it der noch efkes op oan. Nei 42.29-23 18x29 43.30x28 14-19 stiet de doar nei de daam foar swart ek iepen troch de ôfruil om heech en oars nei 27 as 28-22 trochtoffelje mei skiif 19.

Wyt hie winne kind troch 42.27-22 18x27 43.26x28 43. ...9-13? om 28-23 en ek 9-14 is net goed. 44.29-24 9-13 45.28-22 6-11 46.22-18 13x22 (nei 19x17 folget 24-19) en wyt sil letter it wite hout op 15 winne, twa dammen krije en winne.

Dus moat wol 43. ...6-11 44.29-23 en wyt sil winne. Wyt spile lykswols


42.30-25 15*35 43.45*25 6-11

Dit wie ferplichte foar swart en it wurdt kamp.

44.27-21 11*31 45.26*37 9-13
46.37-31 14-19 47.29*9 13*4 48.31-
27 18-23 49.27-21 23-28 50.21-17
28-32 51.17-12 32-37 52.12-7 37-41


Folkert Groenveld

FK OER ALLES 2015




F. Tiemensma – T. Kooistra

Na 35.45-40? volgde 6-11! met de dodelijke dreiging 9-14 +.



F. Groenveld – P. Hoogterp


Na 32... 7-11? 33.47-41! was de dreiging 34-29 41x1 onpareerbaar.



H. Haanstra – J. Wiersma


Zwart forceerde de winst met behulp van een fraai offer.

38... 16-21! 39.47-41 29-34!
40.35x33 24-30 41.32-28 14-19 Z+




F. Tiemensma – S. J. Bakker

34... 15-20? 35.40-35! 25x45 36.22-18 13x22 37.21x34 W+1




H. Haanstra – P. Hoogterp

15... 14-20? 16.36-31! 16x27 17.29-24 20x29 18.38-33 29x38 19.43x5 W+




F. Tiemensma – M. Walinga

28... 18-22? 29.32x12 7x18? 30.41-37 21x32 31.34-29 19x39 32.40x16 W+1



T. Kooistra – F. Groenveld


25... 19-23? 26.37-32! 10-15 27.21-16



H. Haanstra – F. Groenveld


29... 15-20? 30.27-21! 16x49 31.30-24 49x25 32.25x2 W+

en zwart heeft geen verweer tegen
34-30 W+1.




S.J. Bakker – J. Wiersma

**15.28-23! 18x40 16.50x30! 25x32
17.38x20 15x24 W+1**




Zwart kreeg een herkansing na 29.43-39? met 15-20! 30. 35x24 7-11 31.21x1 9-14 32.1x10 5x41 =, maar deze werd gemist.



F. Groenveld – F. Tiemensma


**38.41-37? 8-12 39.33-29 22-28
40.29x27 26x28 en schijf 28 loopt
naar dam. Z+**

Wit kon zich verdedigen met 38.19-13! 8x19 39.41-37 19-24 40.25x21 26x17 =




J. Wiersma – P. Hoogterp

**43... 8-12?? 44.23-19 14x32
45.42x2 W+**




M. Walinga – H. Haanstra

20... 1-7? 21.26-21! 11-17 22.31-26
17x37 23.42x31 16x27 24.31x11
7x16 W+1



T. Kooistra – S.J. Bakker


34... 8-12?? 35.27-21 16x27
36.26x17 7x27 37.32x21 W+



S.J. Bakker – H. Haanstra


Wit kan dit eindspel simpel op remise houden. Bijv. 7-2 en op een gegeven moment laat je zwart verder gaan naar veld 30 en vervolgens 35, terwijl je zorgt dat je de lijn 1/45 beheerst. De schijf komt niet verder dan. In de partij verloor wit de controle over de trictraclijnen.

59.7-45? 20-24 60.45-12 50-45
61.12-17 24-29 en wit gaf het op.



J. Wiersma – F. Groenveld

17.41-36! 26x46 18.49-44 46x29
19.34x1 W+




F. Groenveld – M. Walinga

6... 11-16?

In F. Groenveld – F. Tiemensma volgde 6... 9-13 7.32-28 (wit moet oppassen voor het inmiddels bekende zetje 7.37-31? 15-20!! etc.

Wit kan nu een schijf winnen met 7.30-24 25x23 8.32-27 22x31 9.36x27 16x38 10.42x13 W+1.

**7.43-38 9-13 8.32-27 22x31
9.36x27 16x36 10.46x26 6-11
11.49-43 1-6**



K. Tijssen – L. Westra

Zwart kon winnen met de fraaie combinatie
19-23 28x19 16-21 36x27 15-20
25x14 12-18 19x17 11x4 Z+1.

12.41-36?

Aangewezen is 12.27-21 11x31
13.41x21.

12... 11-16!


Dreigt niet alleen 16-21, 17-21, 6x46, maar vooral met de damzet 15-20, 6-11 18-23 17x46 enz.


Wit moet daarom naar het centrum ruilen, met een afgrijselijke positie.

**13.27-21 16x27 14.26x28 14-19
15.43-39 18-23 16.38-32 23-29**

Ook 16... 17-22 wint een schijf.


**17.34x14 25x41 18.37x46 10x19
Z+1**





K. Wiersma – K. Tijssen

**21.38-32? 6-11! 22.26x6 17-22
23.6x28 25-30 24.35x24 20x49 Z+**




R. Walinga – L. Westra

Zwart kan schijfwinst forceren met 11... 19-24! Op 46-41 volgt dam met 14-19, 13-18 8x46 Z+.

Op 48-42 volgt 14-19 13-18 8x28 en dan (na 33x22) niet meteen 16-21 (wegens 35-30), maar eerst 20-24! en zwart wint een schijf.


Op 38-32 volgt 16-21! 26x17 11x31 36x27 25-30 35x24 20x38 39x37 13x22 Z+1.



S. Couperus – W. Hoekstra


Wit moet de dreiging 21-16 activeren. Na 39-34 is de formatie 33/39 verbroken. Eenvoudige winst geeft 40.45-40.

- 1) 19-24 33-28! 18x38 39x37 en wit breekt razendsnel door.
- 2) 5-10 40-35! 25x45 21-16 6x28 33x24 W+
- 3) 25-30 40x20 15x24 39-34 24x44 50x39 met de dodelijke dreiging 21-16 +.



Hein de Vries – S. Couperus


Correct is 39-34 10-14 25-20! 14x25 32-27 =, maar er volgde:
45.47-42?? 23-29 Z+



W. Hoekstra – F. Wiersma

11.46-41?? laat een standaard slagzet toe:


11... 15-20! 12.35x24 6-11 13.26x6
18-23 14.24x22 17x30 (over 7
schijven) Z+



A. van der Goot – S. Walinga

Wit kon verrassend combineren:
24.26-21!! 16x46 25.34-30!!
De zwarte dam heeft keus uit 4
velden, maar wit combineert altijd!

Tjalling Goedemoed



33.27-21?

Wit stuurt aan op een ruil, terwijl hij
zwart vast kan laten lopen:

33.50-44 3-9 (op 8-13 kan al 27-21!!
en zwart zit in zetdwang) 34.34-30
25x34 35.44x24 7-11 (anders 26-
21+) en nu bijv. 24-19! 9x29 26-21!
W+.




TAEKE KOOISTRA UT HARTWERT

Waard yn in sterk dielnimmersfjild op sneon 21 febrewaris foar de 17^e kear kampioen. Wat makket dat Taeke oan it ein fan de dei / toernoai dochs wer op it heechste plakje stiet?

Fan alle sân partijen dy't Taeke spile hat, is besocht it kantelpunt fan de party yn byld te bringen en te ûntleden wêrom Taeke de winst of dochs noch kamp pakt.

Party 1 : Foeke Tiemensma (Frentsjer) – Taeke

Nei in moaie en lestige iepening kaam nei de 34^e set de folgjende stân op it boerd




Foeke spilet **35. 45-40** en sjocht de folgjende driging oer de holle. **35. 6-11** en dan sil dernei 36. ... 9-14 folgje. Dit kin Foeke net foarkomme.

Yn dizze stân hie 32-28 de beste west. Mei 2-8 kin wyt ôfruilje fia 28-23, 18*29, 33*24 en steane se moai lyk. Mei 18-22 hat wyt noch wol in dreech spul. Swart stiet dan wol wat better.

Hoewol Taeke net daalk in skiif foar komt sjocht er de winst (in set letter) wol.

Party 2 : Taeke – Henk Haanstra

Fanút de iepening spile Taeke **6. 32-28** ? In net sa wenstige fuortsetting fan dizze iepening.




Henk keas foar in ferienfâldiging en spile. **6... 17-21 7. 26*17 11*22 8. 28*17 12*21 9 . 31*11 16*7** mei lyk spul.

Henk koe skerper spylje, fia 6. ... 19-24 7. 24*14, 10*19 moet Taeke oppasse. Foar de hân leit dan 8. 31-27 17*37 9.41*32 25-30 20*27 26*28 en swart hat op it each it bêste spul.

Taeke kin in soad iepeningen en doart ek mindere iepeningen te spyljen.

arty 3 : Taeke - Folkert Groenveld.

Sa as sa faak hat Folkert de langehoek der út slein, in spul dat Folkert faker spilet. Nei de 25^e set de folgjende stân op it boerd




Folkert spile **25. ... 19-23**, dit like ûnskuldich, mar it wurdt de ferliezer. **26. 37-32** ! mei drieging 34-29. **26. ... 10-15** is min of mear ferplicht.

En dan spilet Taeke **27. .. 21-16** mei oanfal fia 34-30 en 32-28. Dit kin Folkert net keare en komt ien skiif efter.

As Taeke de kâns kriget dan slacht der ek direkt ta.

Party 4 : Pieter Hoogterp – Taeke

Pieter hie it swier tsjin Taeke. Fanút de iepening moat der hieltiden yn de ferdigening. De stân nei de 32^e set is as folget.




Pieter spilet hjir **33. 21-16**. Taeke pakt direkt troch en spilet **12-17** fanwege de oanfol 17-21. En Pieter sil ferlieze. Better foar Pieter is 33.33-28, Taeke kin dan ek spylje 12-17 en dan 21*23, 24*31, 26*37 en dan stiet Taeke better.

Ek hjir wer pakt Taeke direkt de earste mooglikheid om de winst te pakken.

Party 5 : Taeke - Sjoerd-Jan Bakker.

Fanút de iepening spylje se in spul dat se faker spile ha. Nei de 30° set stiet it als folget. Sjoerd Jan moat ferdigenje en Taeke hat in sterk spul opsetten.



Taeke gunt Sjoerd Jan wat rêst en spile **31.34-30, 20*40, 35*44**. Omheech slaan nei fjild 30 is einliks better. 9-14 is dan ferplicht en fia 30-25 25-20 ferplicht hat Taeke in winnende stân opboud.

Mar troch efkes ôf te wachtsjen komt Taeke ek ta winst.


32. 9-14 33. 43-38 14-20 34. 48-42 8-12 ? en Taeke wint fia **27-21**.

Hoewol der in bettere fuortsetting wie, kiest Taeke no efkes foar rêst mar syn stân wie úteinlik al better.

PParty 6 : Marten Walinga - Taeke

De lêste dei kaam it der noch wol op oan. Hoewol Taeke al 5 punten hie, koe Foeke, mei 4 punten, noch lyk komme.

Nei in moai spul kaam it oan op it einspul mei noch in bytsje tiid op 'e klok.



Marten is oan set en spilet **50. 43-39**, dizze set leit foar de hân mar it sil hoe dan ek kamp wurde.


49-44 wie better. Nei alle gedachten hie it dan sa gien. 50. 49-44 20-24 51. 44-40 ! 5-10 52. 40-35 10-14 53. 43-38 14-19 54. 38-33 17-22 55. 31-26 22-28 56. 33*22 24-29 en Marten stiet better en hat kâns op winst.

Hoewol Taeke no wat minder yn it einspul komt, wit der nei kamp ôf te wikseljen.

Hy bliuwt konsintrearre en der heakket it soms noch wol oan by de konkurrinten.

Party 7 : Taeke – Jelle Wiersma

De lêste party moast der tsjin Jelle Wiersma. Foeke hie de 6^e party ek kamp spile dus de tuskenstân wie wer in punt foar. By kamp wie Taeke dus kampioen.



Nei in rêstige party kaam Jelle yn it einspul better te stean.

40. 34-30 17-21 41. 31*11 16*7 42. 48-43 7-11 43. 43-38 11-17 44. 38-32 14-19 45. 30-25
Jelle spile no 17-21 mei de gedachte dat hy earder op de daam wie en Taeke keare koe. Mar dat slagge net, omdat skiif 35 rêding brocht.

Better wie misskien 19-24. Taeke moat dan ferplicht ôfruilje. 46. 32-28 23*32 47. 25*23 32-37 48. 23-19 37-41 49. 19-14 41-46 en swart stiet better. 50. 14-9 46-5 51. 35-30 17-22 52. 30-25 5*45 53. 9-3 22-28 54. 3-20 en swart kin de skiif op 28 net ta daam promovearje.

Ek no bliuwt der konsintreare ta de ein.

Taeke hat it ek diz' kear net 'krigen'. Hy is net foarsisber yn syn iepeningen. Hy bliuwt konsintreare en bout de partijen goed op. By in foutsje fan de tsjinparty slacht der daalk ta. Ek yn it einspul wit hy hoe 't de paden rinne en pakt der ek syn punten (ek al is dat soms mar kamp yn stee fan ferlieze).

Taeke, tige lokwinske my dyn 17^e kampioenskip.

Jelle Wiersma

DAMMEN OP ZIJN FRANS



Waarom zet je niet?

Check onze website voor de actuele informatie over Friesdammen

WWW.FRIESDAMMEN.NL




ÚT IN INGELSK DAMBLÊD

Frisian Draughts Problems

Frisian draughts is 10x10 with horizontal and vertical takes. Also with the following priority laws of capture, each taking precedence over the next.


- P1. You must take the most pieces.
- P2. You must take the highest value pieces.
- P3. You must take with a king rather than with a man.

Diagram 1




White to move and win

Diagram 2




White to move and win

Diagram 3



White to move and win

Diagram 4



White to move and win

Send solutions to the Editor by 28 February 2015. Anyone sending a correct solution to any of the problems will receive a book prize.

*(út, Lancashire Checkers Newsletter No 146 February 2015)
 editor John Reade
 Manchester*